



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Besprek Linguistic Landscapes in the Netherlands (Diss. UvA) [Review of: Loulou Edelman (2010) Linguistic Landscapes in the Netherlands. A study of multilingualism in Amsterdam and Friesland.]

Hemminga, P.

published in

Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk
2010

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2010). Besprek Linguistic Landscapes in the Netherlands (Diss. UvA) [Review of: Loulou Edelman (2010) Linguistic Landscapes in the Netherlands. A study of multilingualism in Amsterdam and Friesland.]. *Us Wurk. Tydskrift foar frisistyk*, 59(3-42), 178-184.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:
pure@knaaw.nl

Loulou Edelman, Linguistic Landscapes in the Netherlands, diss. UvA, Amsterdam, : LOT, 2010, 157 pp., ISBN 978-94-6093-042-3.

Yn seis haadstikken fan mei-elkoar 126 siden docht Loulou Edelman (Paramaribo, 1977) ferslach fan har ûndersyk nei it taallânskip yn Nederlân. Dy haadstikken fan de Ingelsktalige, oan de Universiteit van Amsterdam op 1 oktober 2010 ferdigene dissertaasje, befetsje in ynliding, teoretysk ramt, sosjolingwistyske kontekst, methodology en de resultaten en in gearfetting. Fierders hat it boek in Nederlânsktalige gearfetting, in oersjoch fan de brûkte literatuer, alle koaden foar it ûndersyk, in list fan de 31 talen en in oersjoch fan soarten winkels dy't de ûndersykster yn de acht bestudearre lokaasjes tsjinkommen is. Dy lokaasjes binne it Bos en Lommerplein, de Ganzenpoort, Javastraat, Kalverstraat en Rooswijk, allegearre yn Amsterdam, en de Dykstrjitte yn Frjentsjer, Skoalstrjitte yn Burgum en Wurdumerdyk yn Ljouwert. De tekst wurdt fierders ûnderstipe mei achttjin foto's en kaartsjes en mar leafst seisentweintich tabellen en in inkelde grafyk. Tagelyk telt de stúdzje, hiel opmerklik foar in hjoeddeisk proefskrift, mar fyftjin (fuot-)noaten.

De útdrukking 'taallânskip' wurdt troch Edelman, yn neifolging fan it wurk fan Rodrigue Landry en Richard Bourhis, brûkt foar sichtbere taaluterings op publike en kommersjele buorden.¹ Dêrby moat benammen tocht wurde oan ferkearsbuorden, strjit- en plaknammen, reklame-uterings en bygelyks buorden op publike gebouwen. It giet Edelman, dat seit himsels, om de opskriften, de skreaune tekst op sokke buorden. Dat it om sokke buorden bûtendoar giet is in nochal smelle ynfolling, om't ek buorden yn (publike) gebouwen, de taal dy't op strjitte te hearren is, of de taal fan en yn allerhanne media, ta it taallânskip rekkene wurde moatte. Dat de útdrukking 'taallânskip' earder brûkt waard foar dialekt- en taalgeografy, wurdt fierders net troch Edelman opmurken.

De ynliding giet flinterlicht op de meartaligens yn Nederlân yn, om dêrnei koart te besluten mei de fierdere opset fan it boek. Op side 2 jout Edelman oan ûndersyk te dwaan yn Amsterdam, mei syn grut ferskaat fan ymmigranten en toeristen, en yn Fryslân, dat hiel wat minder ymmigranten en toeristen telt, mar dêr't wol in regionale taal praat wurdt. Dat lêste is nijsgjirrich om ek ûndersyk nei te dwaan, sa skriuwt Edelman. Troch de twa situaasjes mei elkoar te ferlykjen soe dúdlik makke wurde kinne hoe't ferskillen tusken dy twa ûndersyksplakken it taallânskip beynfloedzje. Dat is gjin fraachstelling en argumintaasje dy't oertsjûget. Dat it nijsgjirrich is om ûndersyk yn Fryslân te dwaan, wol ik wol leauwe, mar dat is noch justjes oars as dat de kar foar de twa ûndersykssituaasjes dêrmei ûnderboud is. En wêrom ûndersyk dwaan yn Burgum en net De Jouwer of Snits, of mooglik sels Wolvegea? Hjir wreekt him it feit dat de kar fan lokaasjes net troch it ûndersyksûntwerp stjoerd wurdt. Boppedat kin men fansels alles mei alles ferlykje, mar wat oars is oft de situaasje yn Amsterdam wol mei dy yn Fryslân ferlykber is.

Hie it wittenskiplik net folle nijsgjirriger en metodologysk sjoen net ferstanniger west om de rol fan allochtoane talen yn it taallânskip fan Amsterdam te ferlykjen mei dy fan itselde skift fan talen yn bygelyks Berlyn, Londen of Parys, om sadwaande krekt mear helderens te krijen oer de posysje fan it Nederlânsk yn ferliking ta respektivelik it Dútsk, Ingelsk of Frânsk? Ek yn de útkomsten en konklúzjes bin ik it doel fan it ferlykjen fan Amsterdamske migrantetalen en it Frysk yn Fryslân net gewaarwurden. Feitlik giet it om twa los fan elkoar steande eksersysjes en dêr bliuwt it by.

In part fan it ûndersyk fan Edelman waard troch Hyke Bierma útfierd, dy't it fjildûndersyk yn Frjentsjer foar har rekken naam en dêr yn 2008 in *master thesis* oer skreau.² Yn dat ramt falt it trouwens op dat Edelman gjin inkeld gebrûk makke hat fan de ek al behindige doktoraalskripsje dêr't Minke van der Ploeg-Posthumus net allinne ferslach yn docht fan de taalopskriften op de Ljouwerter Nijstêd, de Huzumer Skrâns en de Grouster Haadstrjitte, mar bygelyks ek omtinken jout oan Frysktalige opskriften yn de sûnenssoarch en it bedriuwslibben.³ Ek de ynvintarisasje fan Koen en Reinie Zondag: 'Tsjerkhôven as taalspegel', wurdt net oanhelle, wylst dy dochs ek krekt wat seit oer

it wêrom fan de taalkar.⁴ Krekt om't de stúdzje nei de taal fan opskriften amper ferline hat, soe men tinke dat in ûndersiker it skraach beskikbere materiaal yn alle gefallen net lizze lit.

It twadde haadstik biedt it teoretysk ramt, Edelman hat it oer it feitlik net oer te setten 'conceptual framework', foar it empirysk ûndersyk dêr't it fyfte haadstik ferslach fan docht. Edelman beskriuwt har ynfolling fan 'taallânskip' en giet yn op it tinken dat it taallânskip sjoen wurde kin as yndikator en stiper fan taalfitalens fan de taalgroepen yn it oanbelangjende gebiet. Ek de ûnderskate aktoaren yn it taallânskip, lykas besitters, oerheid, winkeleigners en produsinten fan reklamebuorden wurde neamd. Edelman jout in kreas oersjoch fan hoe't ûnderskate ûndersikers oer it taallânskip tinke, mar merkt net op, mooglik om't it himsels seit, dat it taalgebrûk fan bygelyks de kant fan de oerheid ek sjoen wurde kin as in yndikator fan krekt in tekoart oan taalfitalens.

Op grûn fan har teoretyske ekskurzje formulearret Edelman twa ûndersyksfragen. De earste te beânderjen kwestje is hoe bot it taallânskip yn Nederlân de talen wjerspegelet dy't yn de oanbelangjende taalmienskip praat wurde. De twadde fraach is hokker faktoaren fan belang binne foar de talige en semiotyske eigenskippen fan tekens. Ta de semiotyske eigenskippen rekkenet Edelman de foarkar foar it brûken fan beskate tekens, ynbegrepen it plak en de grutte fan de brûkte letters. It ûndersyk is foaral in kwantitative analyze fan de ûnderskate pleatslike taallânskippen, wylst fan in teoretyske refleksje winliken gjin praat is.

It tredde haadstik hat it oer de sosjolingwistyske kontekst, feitlik eftergrûnynformaasje foar it ûndersyksobjekt. It Ingelsk nimt in foarnaam plak yn Nederlân yn, sa makket de skriuwster op grûn fan oarmans ûndersyk dúdlik. Dat soe komme fanwegen de bot globalisearre ekonomy. Yn hoefier't de Nederlânske of Fryske ekonomy werklik globalisearre is, net sûnder belang yn dizzen, wurdt net op yngien. En frjemd genôch wurdt it belang fan de nei de oarloch op gong kommen Nederlânske oriïntaasje op Ingelsktalige keunst en kultuer net opmurken. Wol wurdt hiel yn it koart wat sein oer de útkomsten fan dy oriïntaasje as it giet om reklame en media. Hiel wat mear omtinken giet út nei de folle resintere ymmigraasje fan allerhanne minsken en de dêrmei gearhingjende feroaring fan it taalferskaat. Dêrby jout it oersjoch fan de nasjonaliteit fan de ynwenners fan Nederlân (s. 32) in hiel oar byld as it sizzen op side 2 dat in fyfte part fan de ynwenners ymmigrant is. Dat oersjoch lit sjen dat mar fjouwer prosint fan de ynwenners gjin Nederlânske nasjonaliteit hat. Tagelyk binne der in miljoen Nederlanners mei in dûbele nasjonaliteit. De ferskillen tusken sokke sifers hawwe grif gefolgen foar it taallânskip, mar Edelman beneamt dat net. Dat is ek net sa slim, want fierderop wurdt in tabel fan de ûndersiker Guus Extra c.s. oanhelle dy't in oersjoch makke hat fan de faakst neamde thústalen. Wat de persintaazjes yn dy tabel 3.2 betsjutte is my lykwols net dúdlik wurden. Wol merkt Edelman op dat it Berbersk, dat yn de tabel fan Extra c.s. op it tredde plak stiet, as sprutsen mar net skreaune taal, amper in rol yn it taallânskip spylje kin (s. 35). De folgjende tabel (3.3), ek fan Extra c.s., makket dúdlik dat it Frysk, yn alle gefallen yn Ljouwert, op alle fronten noch leger skoart as it Berbersk.... Yn in gemeente as Tytsjerksteradiel leit dat oars, lykas Edelman opmerkt, mar dat nimt net wei dat it sterk mûnlinge karakter fan it Frysk, dêr't Edelman ek op wiist, dochs in foarnaam plak yn it -skreaune- taallânskip ûnmooglik makket. Dat plak is yn de werklikheid dan ek lyts, lykas earder ûndersyk ek al dúdlik makke hat. Dat betsjut tagelyk dat it taallânskip lang net alles seit oer de fitalens fan in taal, lykas Edelman har útgongspunt is.

It fjirde haadstik 'Methodology', it ien nei langste haadstik fan it boek, giet yn op de oanpak fan earder ûndersyk op it oanbelangjend mêd, de oanpak sa't Edelman dy dien hat en de problemen dy't hja tsjinkommen is, yn it bysûnder it klassifisearjen fan eigennammen dy't men yn allerhanne opskriften tsjinkomt. Dy klassifikaasje, benammen it bepalen hokfoar taal brûkt wurdt, is gjin maklik op te lossen probleem. Edelman jout op njonnen siden allerhanne foarbylden, lykwols sûnder it probleem echt op te lossen. Hja beslút elke eigennamme mei help fan de oarspronklike taal te klassifisearjen (side 80). Dat sil mooglik yn it gefal fan in Turkske of Arabyske namme noch slagje, mar as it om in part fan de Fryske of Hollânske nammen giet, sil soks grif net opgean. Boppedat kin men jin ôffreegje

hoe ferstannich sa'n oanpak fierder is, as men bygelyks op side 82 lêst dat it Koreaansk ta de tsien faakst brûkte talen yn Amsterdam heart, allinne fanwegen de merknamme *Samsung* yn it strjittebyld. Dat liket my dochs in wat eigenaardige benadering ta. Men kin dochs ek net sizze dat mei de mânske advertinsjes fan *Ikea*, it Sweedsk in foarnaam plak yn de Nederlânske deiblêden krigen hat?

As ûndersyksgebiet hat Edelman in tal winkelstrjitten en -sintra útsocht, om't dêr de measte buorden te sjen binne. Boppedat kiest hja gebieten yn kriterien dy't wakker fan elkoar ferskille as it om de (etno-) talige gearstalling giet (s. 54). Dat kin fansels skoan, mar tagelyk is it mei dy opset dúdlik, sa't Edelman ek sels op side 82 fêststelt, dat de fûne resultaten fan gjin breder belang binne as foar de keazen ûndersyksgebieten. Dat is blykber net oars, likemin as dat it ferrassend neamd wurde kin dat in taal dy't net yn it fersoargingsgebiet fan in winkelstrjitte praat wurdt, mooglik útsein it Koreaansk, ek net op de buorden yn dy winkelstrjitte werom te finen is. Soks hat dochs alles te krijen mei de wetten fan de kommersje, sa soe'k tinke. En dus is it likemin grut nijs as in middenstanner, mooglik sels in net-westerske ymmigrant, yn in winkelstrjitte dêr't in soad net-westerske ymmigranten winkelje, syn guod mei help fan ien of mear talen fan dy ymmigranten oanpriizget. Edelman jout spitigernôch gjin eksplisyt omtinken oan it tinken fan kommersje en marketing, wylst dat dochs grif in foarname faktor is as it om it taalbrûken yn in winkelstrjitte giet.

It fyfte haadstik jout op 36 siden de antwurden op de beide, hjirfoar neamde ûndersyksfragen. As earste útkomst stelt Edelman fêst dat yn de Amsterdamske winkelstrjitten in tal troch ymmigranten brûkte talen te lêzen binne, wylst yn Fryslân beskate buorden it Frysk sjen litte. Tagelyk merkt de ûndersykster op dat it taallânskip mar foar in part de talen fan de oanbelangjende mienskip wjerspegelet. Ek macht, prestiizje, symboalyske of identiteitswearden, fitalens en alfabetisme spylje in rol. Foar wa't op de hichte is mei it wurk fan Ammon, Cooper, Coulmas, De Swaan en tal fan oaren, is soks net earlik in ferrassing, mar hjir dûkt dy konstatearring suver ûnferwachte en earst fier nei it twadde haadstik 'Conceptual Framework' op. Dat Edelman hielendal foarby giet oan it bot relevante teoretyske wurk fan Abram de Swaan as it om taal en kommunikaasje giet, is suver net te begripen.⁵ It hie har stúdzje grif tige helpe kinnen. It sizzen fan Edelman dat it taallânskip mar foar in part wat oer de talen fan de oanbelangjende mienskip seit, nuansarret trouwens wol hiel bot har sintrale noasje dat it taallânskip sjoen wurde kin as yndikator en stiper fan de taalfitalens fan taalgroepen. Men kin jin mei de konstatearring op side 91, werhelle op side 95, sels ôffreegje oft it belang fan it bestudearjen fan it taallânskip sadwaande net krekt wat lytser is, as dat yn de earste haadstikken fan it proefskrift noch ferwurde wurdt.

It Fryske fjildwurk leveret op dat it Frysk wol yn Burgum en Frjentsjer op strjitte te sjen is, mar, oars as bygelyks bij Van der Ploeg-Posthumus, net yn Ljouwert. In mooglike ferklearing, sa skriuwt Edelman op side 96, is dat yn de earste twa plakken mear berne Fryskpraters wenje, as yn Ljouwert. Dat is maklik opskreaun, mar Edelman giet der oan foarby dat Ljouwert mear as fjouwer kear safolle ynwenners telt as de twa oare plakken mei-elkoar. Boppedat litte migraasjesifers bygelyks sjen dat likernôch de helte fan de lju dy't har it ôfrûne jier yn Ljouwert nei wenjen set hawwe, út oare Fryske gemeenten komt. It is mei oare wurden suver net oannimlik dat Ljouwert minder berne Friezen binnen de grinzen hat, as Burgum of Frjentsjer. Dêr komt noch wat oars by. De Ljouwerter winkels op Nijstêd en Wurdumerdyk hawwe in hiel wat grutter fersoargingsgebiet as allinne de eigen stêd. It taalgebrûk yn dy twa strjitten kin sadwaande ek net ferklearre wurde mei it tinken dat Ljouwert relatyf minder Frysktaligen hat. Edelman merkt al op dat it tal lanlike en ynternasjonale winkelfirma's op Nijstêd en Wurdumerdyk it tal Fryske fermeldings grif net stipet. It ûndersyk dat Hyke Bierma yn 2008 nei it taallânskip fan Frjentsjer die, makke bygelyks al dúdlik dat de opskriften fan winkels, dy't ta nasjonaal of ynternasjonaal wurkjende organisaasjes hearre, net pleatslik fêststeld wurde. Dy omstannichheid - de kommersjele wet om in heldere *corporate identity* te ûntwikkeljen - bliuwt ek net hielendal sûnder gefolgen foar it wjerspegeljen fan de taalfitalens fan de pleatslike taalmienskippen, wylst dat dochs krekt de reden is dat it lokale taallânskip yn stúdzje nommen is. It is trouwens

eigenaardich dat Edelman yn dat ramt gjin gebrûk makke hat fan de stúdzje fan Van Langevelde dy't û.m. wat dúdlik makket oer de twataligens fan Fryske bedriuwen.⁶

Hokker faktoaren fan belang binne foar de talige en semiotyske eigenskippen fan tekens, foarmet de twadde ûndersyksfraach fan Edelman. Hja telt en beskriuwt dat bygelyks it tal twatalige buorden fan de oerheid yn Fryslân moai wat heger is as yn Amsterdam (s.104). En apoteken en winkels foar húshâldlik guod brûke it Ingelsk aardich minder as de winkels mei kleanguod of elektra. En allerhanne migrantetalen, en ek it Italjaansk, wurde benammen brûkt yn it itersdomein (ss.106-107). Soks seit yn alle gefallen wat oer it ynternasjonale aard fan beskate sektoaren en de fitalens fan benammen it Ingelsk. Oft datselde Ingelsk ek ien fan de talen is dy't yn de oanbelangjende taalmienskip, bygelyks dy fan Burgum of Frjentsjer praat wurdt, wurdt net dúdlik.

Hielendal oan de ein kommen befrediget it antwurd op de earste ûndersyksfraach fan Edelman - hoe bot wjerspegelet it Nederlânske taallânskip de talen dy't troch de mienskip praat wurde - net. Edelman skriuwt dat it taallânskip yn beskate mjitte dy talen wjerspegelet (ss. 98 en 120). En dat is krekt even te maklik. Fan in proefskrift hoecht net alles ferwachte te wurden, mar dochs justjes mear as sa'n frijwat dizenich antwurd. Edelman jout trouwens wol allerhanne persintaazjes fan de oanwêzigens fan de ûnderskate talen op de ûndersochte plakken, mar de kar fan dy plakken en allerhanne oare faktoaren behinderje dat fan in -representatyf- wjerspegeljen fan de werklikheid praat wurde kin. Ik begryp fierders net dat de ûndersykster praktysk hielendal foarbij giet oan de eigen dynamyk fan de ûndersyksgebieten. Dat binne ommers allinne winkelstrjitten dêr't krekt allerhanne kommersjeel betinken en oerwogen in grutte rol spilet, wylst macht, prestiizje of symboalyske en identiteitswearden fan mooglik krekt wat minder betsjutting binne. Mei oare wurden, it is hielendal de fraach yn hoefier hinne it taallânskip yn sokke spesifike situaasjes werklik wat oer de lokale taalfitalens seit. Soks betsjut dat al mei al slim fan in rike rispinge praat wurde kin.

It antwurd op de twadde ûndersyksfraach - hokker faktoaren binne fan belang foar de talige en semiotyske eigenskippen fan tekens- leveret likemin in soad foldwaning op. Dat oerheidsorganen oer it algemien de offisjele taal brûke, wylst private aktoaren fan in grutter ferskaat fan talen gebrûk meitsje (s.116), is in konklúzje dy't amper op de krigen data fundearre is. En dat filiaalbedriuwen skraachwurk wat yn te bringen hawwe as it om har reklame-uterings giet, kin dochs slim opmerklik neamd wurde. Wichtiger is dat in helder en strukturearjend oersjoch fan de faktoaren dy't it oansjen fan it taallânskip beskiede, útbliuwt.

It lêste, seisde, haadstik 'Summary and Discussion' telt njoggen siden. Yn de lêste paragraaf fan dat haadstik stelt Edelman út om oer bygelyks tsien jier har wurk nochris oer te dwaan om sadwaande de ûntwikkeling fan it taallânskip yn byld te krijen. Op himsels is dat gjin ûnaardige suggestje, mar feitlik hie it hjir besprutsen proefskrift oan krêft wûn as de ûndersykster it taallânskip sawol oan it begjin as oan de ein fan de seis jier dy't hja foar it ûndersyk nedich hân hat, sels ynvintarisearde hie. It boek hie dan yn alle gefallen wat sizze kinnen oer de ûntjouwing fan it publike taalgebrûk yn winkelstrjitten. Dat nimt net wei dat ik de dissertaasje fan Loulou Edelman te meager en spitigernôch te behyplik fyn om foar in twadde kear op priemmen set te wurden.

Piet Hemminga
Fryske Akademy
Ljouwert

Noaten

1. Landry, Rodrigue & Richard Y. Bourhis, Linguistic Landscape and Ethnolinguistic Vitality: An Empirical Study, in: *Journal of Language and Social Psychology*, 1997, 16, 1, 23-49.

2. Bierma, Hyke, *Linguistic Landscaping in Fryslân: Construction of the Commercial Linguistic Landscape of Franeker*, Amsterdam, 2008 (MA thesis UvA).
3. Ploeg-Posthumus, Minke van der, *Taal yn it lânskip*, Ljouwert , 2003 (doktoraalskripsje UvA).
4. Zondag, Koen en Reinie, Tsjerkhôven as taalspegel, yn: *Mear*, 1994, 12, 6-7.
5. Swaan, Abram de, *The world language system; A political sociology and political economy of language*, Polity Press, Cambridge, 2002.
6. Langevelde, Ab van, *Bilingualism and Regional Economic Development*, KNAG, Utrecht/Groningen, 1999.